

MOASJE

Wurklistpunt: 5. Kadernota 2019 / Programma 2 – Ferkear, ferfier en wettersteat

Underwerp: Fangrail Hoendiep NZ Stroobos-Zuidhorn

De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op 12 july 2018

Sprekt út:

- Dat de rie fan Achtkarspelen akkoart giet mei it reservearjen fan jild foar it pleatsen fan in fangrail oan it Hoendiep NZ te Stroobos, it stik hearrende by de gemeente Achtkarspelen.
- Dat it kolleezje dit oanjout by de nij te foarmjen gemeenterie fan it Westerkwartier, nei de fusy op 1 januari 2019.
- Dat it kolleezje by it nije kolleezje fan it Westerkwartier de ferwachting útsprekt dat hja mei in útstel nei de nije rie komt om te kommen ta pleatsing fan in fangrail oer it hiele trajekt by it van Starkenborghkanaal del, fan Stroobos oantemei Zuidhorn.
- Dat it kolleezje oantrúnet by de gemeente it Westerkwartier om sa gau as mooglik dizze fangrail te pleatsen.
- Dat it kolleezje yn dizzen in oantrúnjende hâlding oannimt nei de neie gemeente it Westerkwartier.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

- Der reitsje geregeld auto's te wetter yn it kanaal, wêrby minsken harren libben ferlern ha.
- Der wurdt al mear as 10 jier praat oer de feiligens by it fan Starkenburghkanaal.
- In fangrail is de ienige oplossing om te soargjen dat auto's net mear te wetter reitsje.

FNP-Achtkarspelen,

VVD-Achtkarspelen,

PVV-Achtkarspelen,

Hr. IJ. van Kammen

dhr. F.J. Hoekstra

dhr. H.J. Graansma

Stemming:

Motie is met algemene stemmen (21) **aangenomen**